

dagstelling

Ienheid makket it Frysk robúst

Yn it staveringsdebat is der gjin sprake fan in stokramt, wol fan frijheid en iepen diskusje. De stelling: **Ienheid makket it Frysk robúst.**



De Fryske Akademy yn Ljouwert stie oan de widze fan de nije staveringsoanpassings. FOTO LC/SIEP VAN LINGEN

HANNO BRAND

Yn De Volkskrant (28 novimber) hiene fiif kritisy it advys fan de Fryske Akademy foar in staveringswiziging en in foarkarwurldlist foar it Frysk op it harspit. Neffens harren wol de Fryske Akademy it skreaune Frysk yn in stokramt twinge. De kritisy krije stipe fan 104 ûndertekeners fan in protestbrief út 2013. It falt op, dat it stik amper op de problematyk sels yngiet.

Der is ien punt dêr't ik de auteurs yn meistimme kin: de Fryske Akademy kin as wittenskiplik ynstút gjin taalnoarm oplizze. It ôfkundigen fan in taalnoarm is in foech fan 'e polityk en yn Fryslân dus fan Provinsjale Steaten. It ferwyrt, dat de provinsje yn dat stik bûten de stringen stapt, roait igge noch seame. De Fryske Steaten meie de eigen ynstânsjes en it regionale ûnderwiis oanmoedigje om beskate staveringswizen en foarkarfoarmen te brûken. Fierder rikt dat foech net. Krekt as op oare plakken mei elk fierder yn Fryslân skriuwe en prate sa't er wol. Dêrom hat de Akademy it oer in foarkarstavering en in net-ferplichte wurldlist.

It is net te begripen, dat de auteurs de positive útwurkingen fan ienfoarmigens ûntkenne. It Frysk is in 'boppetaal', dêr't gans dialekten en farianten goed ûndertiere. Krekt troch dy ienheid wurdt it Frysk robúst en kin it it tsjin de dominânsje fan it Nederlânsk opnimme. It ferienfâldigen fan de regels liedt ta mearwissigens, de taal kin makliker ûnderwiisd wurde, de kwaliteit fan de skriftlike kommunikaasje wurdt heger en brûkers sille it Frysk dêrtroch faker foar kar nimme.

De Fryske Akademy waard troch

de provinsje frege om in staveringshifker mei in 'grien boekje' foar it Frysk, in automatyske oersetapplikaasje en in wurdboekportaal te ûntwikkeljen. As oanfolling joech de Akademy in advys oer de stavering. By it opstellen fan 'e wurldlist foelen nammentlik ynkonsistinsjes op yn de stavering, dy't yn 1976 foar it lêst oanpast waard. Om de staveringshifker goed funksjonearje te litten, hat de Fryske Akademy dy ynkonsistinsjes oplost. Tagelyk waarden guon regels út 1976 ferienfâldige. It tal wurden dat by einsluten in oare stavering krijt, is 332. Dêrfan binne mar in pear wurden ek wier gongber, sadat it Fryske wurdblyd op grûn fan de wurdfrekwinse foar 99,93 prosint yntakt bliuwt.

Fan in stokramt foar it Frysk kin wier net praat wurde. De staveringshifker hat kwa mooglikheden syn gelikens noch net. De brûker hat de kar tusken foarkarfoarm en dêrfan ôfwikende foarmen. Yn in útklapmenu wurde alle farianten oanbean dy't sa ynfoege wurde kinne. By it ûntwikkeljen fan dit taalark is krekt de frijheid om kieze te kinnen as útgongspunt nommen.

It opinystik fan de fiif stiet stiif fol mei saken dy't net wier binne. Der is hielendal net in spesjale foarljochter oanlutsen. It is net wier, dat der gjin oerlis west hat mei it 'fjild'. De pro-

vinsje en de Fryske Akademy hawwe wis wol ynspraakmooglikheden bean. It oankundige ynspraakmoment krekt foar it provinsjaal beslút fan 24 april 2013, om it advys fan de Fryske Akademy oer te nimmen, hawwe de kritisy mist. Dy kâns is yn de simmer fan 2013 troch de Akademy fannijs bean. It gros fan 'e ûndertekeners kaam net opsetten. De provinsje hat ôfrûne winter fjouwer oerlisjûnen organisearre. Ien fan 'e opponinten wie yn 't earstoan net tared, in oaren stapte nei twa sittings op en de reeëns om ta in kompromis te kommen, wie der net. Wol waard wiidweidich fulminearre yn de parse en op weblogs, dêr't nuvere ferlikingen lutsen waarden mei it Sovjet-rezjym en de Turkske taalsuvering ûnder Atatürk. Op 26 novimber wie der in ynspraakmooglikheid op it Provinsjehûs. Fan de goed hûndert opponinten wie mar ien oanwêzich. Op 1 desimber organisearre de Fryske Akademy in foarljochtingsjûn foar de Fryske Steaten, dêr't foar- en tsjinstanners ut ûnderwiis, rjochtspraak en 'e skriuwerswrâld op 'en nij de kâns krigen om in oardiel te jaan.

De yntegriteit fan it stik fan 28 novimber mei yn 'e kiif steld wurde. It is absolút sa net, dat op 'e Fryske Akademy in sprekferbod fan krêft west hat. Dat sil ek nea en te ninter it gefal wêze, om't it debat mei de maatskippij no krekt ien fan 'e pylgers fan it moderne wittenskiplik bedriuw is. Yn it stik fan 'e fiif is it dus net te rêden om in opiny, mar om in ûnrjochtmjittige oantiging, dy't perfoarst net yn in ynhâldlike diskusje thús heart. Mar dy diskusje waard yn harren 'opinystik' alhielendal net fierd.

Hanno Brand is direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy



Wurdblyd bliuwt foar 99,93 prosint yntakt